


KRYPTOGRAM 240a




Horizontaal

- 1 Moaie ferhalen foar de auto (10)
- 6 Foar it egalisearjen fan de dûnsfljer (4)
- 10 In bulte lêst (6)
- 11 Dêrop wurdt in set spile (8)
- 12 Biisfûgel (4)
- 13 Brutsen fleis (10)
- 15 Tafelside dêr 't iten stiet (7)
- 18 Jong stikje slob (7)
- 19 Hja wie as earste net allinne (3)
- 20 Kinst heech, leech of fierspringe, it bliuwt sport (7)
- 21 Klean dy 't de leafde bedekke (7)
- 24 Sportyf lichemsdiel lykas de fuotbalknibbel (10)
- 26 In broadsje foar de earste enerzjy (4)
- 27 De skientme fan in beamkweker (8)
- 28 Werbesinning fan skriuwers (6)
- 29 Twa (fotosjenike) fûgels yn in tsjustere romte (4)
- 30 Test foar bodybuilders (10)

Fertikaal

- 2 (Skyn)fruchtbere Turkske lânhear (7)
- 3 Toeristebelesting dy't noch te dragen is (7)
- 4 Sa 'n buis kitst werom (1,4) (5)
- 5 Moai fertrek fan de âld-minister (11)
- 7 De opname fan in floeistof (9)
- 8 Eksamen foar in spoedkursus op de kompjûter (9)
- 9 Bazige susters binne om te sjitten (8)
- 14 Kokenark mei in eigen suite (11)
- 15 Gefjocht tsjin meagere Hein (9)
- 16 Wurdt útfierd troch in kreas keamerfamme (9)
- 17 Selskipsfroulju (8)
- 22 De heechste tiid foar in hege omset (7)
- 23 De tsjerkeklok kin likegoed moarns ier slaan (7)
- 25 Dat is trochstrings it maksimum (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 6 - 2 - 14 - 28 - 20 - 21 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 240a**. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 240a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **26 september** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



Kryptogram 239a:

Plaknamme:
GAAST
 Winner Boekebon:
 Marije Veenstra,
 Hurdegaryp